

Preek fan ds. H. Wagenaar foar de **oekumenyske iepenloft tsjinst** op snein 7 juny 2009.

Bêste minsken,

1.

Wy fiere hjoed de jierlikse iepenloftsjinst, organisearre troch de Protestantske gemeente fan Wurdum e.o. en de Roomsk Katolike parochy fan Wytgaard. As tema ha wy keazen: ‘Eigenwijs of samen sterk’? Dat hat fansels te krijen mei ús ferline en mei ús fisy op de takomst. Wy ha yn it ferline fan alles *op ús eigen wize* dien en fakentiden stiene Protestant en Katolyk fijannich tsjinoer inoar. Hjoed de dei is dat feroare en groeie wy nei inoar ta, ek al sil dat miskien net de bedoeling wêze fan ús tsjerkelieders.

2.

Wy hawwe dêrom hjoed in stik lêzen út I Korintiërs 12, krekt foarôfgeand oan it sa moaie en bekende I Korintiërs 13 (oer de leafde) dat ôfslút mei de wurden:

Yn ien wurd, trije dingen bliuwe foar altiten:
leauwe, hope en leafde;
mar de grutste dêrfan is de leafde.

De wurden fan Paulus yn I Korintiërs 13, oer de leafde, komme net út de loft fallen. Yn haadstik 12 jout Paulus ús it byld fan it lichem:

‘It lichem is, mei al syn lidden, ien gehiel;
want alle lidden fan it lichem, hoe machtich ek,
binne mei-inoar ien lichem. Sa is it ek mei Kristus’.

Wêrom sei Paulus dat? Wêrom moast hy dat byld brûke? Wêrom lei hy safolle klam op dat iene lichem? No, dat sil ik, hiel yn it koart, besykje út te lizzen. Yn Paulus syn tiid, en al hielendal yn Korinte, wie der in soad striid, geastlike striid. Der wiene alderhande rjochtingen dy’t fûnen dat sysels heger stiene yn it leauwe as de oare groepen. Der wie foaral ferskil fan miening oer it sprekken yn tongen, oer it profetearjen, oer it dwaan fan goede deden (sjoch I Kor. 13, 1-3). Paulus seit dat alle jefte fan deselde Geast komme: it sprekken yn tongen, it profetearjen en it goed dwaan. En ek wiisheid, kennis, leauwe, de jefte om siken better te meitsjen, wûnders te dwaan en geasten te ûnderskieden. Hjir wiene allegearre streamingen foar. En de iene koe mei de oare net troch ien doar.

Dêrom jout Paulus it byld dan it lichem fan Kristus. Jimme kinne wol miene dat jimme sûnder in oar kinne, mar dat is net sa! Jimme binne allegearre part fan it lichem fan Kristus oft jimme dat no wolle of net. Jimme hawwe allegearre jimme eigen funksje yn it lichem fan Kristus. Machtich of net, Joad of Gryk, slaaf of frije: jimme binne ien lichem!

It wie doe, yn de tiid fan Paulus, in revolúsje om sa te tinken. It slút nammentlik nimmen út. Elkenien kriget syn eigen plak tawiisd. Elkenien hat syn eigen taak yn it lichem fan Kristus. Paulus jout fierders mar ien regel:

De lidden fan it lichem dy’t it swakst lykje, kinne minst mist wurde.
en de lidden dy’t by ús it minst yn eare binne, behannelje wy mei grutter eare,
en ús lidden dy’t net yn oansjen binne, jouwe wy de helte mear oansjen.

Dat wie in skok foar al dy groepen en rjochtingen dy't striden om it heechste plak, om de heechste geastlike eare, om it Kristlike kampioenskip. It is dêrom in gevoelige tik fan Paulus west oan de geastlike streamingen yn Korinte. Stribje om it heechste yn Kristus kin allinne fûn wurde troch hope, leauwe en leafde. De grutste dêrfan is neffens Paulus de leafde. En dát markearre der no krekt oan yn Korinte.

3.

Hoe geane wy hjir hjoed de dei mei om? Hoe komt dit boadskip oan yn de geastlike situaasje fan 2009? Yn elk gefal kinne wy hjir hjoed sizze dat wy inoar akseptearje wolle as lidden fan it lichem fan Kristus. Protestanten kinne in soad leare fan de Roomsk Katolike bruorren en susters. En dat is oarsom fêst ek sa, mar dat kin ik sa net sizze. En fierders is der foar ús ek noch in hiel soad te learen fan de menisten en baptisten, fan de evangelyske groepen en de pinkster-minskten, fan de Easters ortodoksy. Hjir soe ik noch wol in soad oer sizze wolle, wát der dan te learen is. Mar dat soe hjoed te fier gean.

Ien aspekt wol ik der hjoed al úthelje. Dat is in punt dat my wol faak opfalt yn it kontakt tusken de tsjerken yn de oekumene. Dat sit my ek wol wat dwers. Nammentlik dat wy krekt dogge as of der nea wat bart is. It is fansels geweldich dat wy no as Roomsk Katolyk en Protestant sa by inoar wêze kinne; yn ienriedigens tsjinsten taryede kinne; it leauwe mei inoar belide kinne as lidden fan ien lichem fan Kristus. Mar wy moatte net dwaan krekt as of wy gjin pynlik ferline ha mei-inoar. Wy moatte dat ferline ek ûnder eagen komme. Guon sille sizze, helje mar gjin âlde kij út 'e sleat. Wy prate der net mear oer. Wy moatte nei de takomst sjen. Mar dat liket my gjin goede saak. It is ek wichtich om de pine út it ferline ûnder eagen te sjen en út te sprekken nei inoar.

Want wy hoege yn Wurdum en Wytgaard mar efkes gear te sitten en de ferhalen komme op gong. Hoe't der fochten is op de paden tusken de doarpen troch de skoaljeugd. Hoe skerp de tsjinstellingen wiene. Hoefolle ferkearde wurden sprutsen binne en dieden dien binne. Dat it doarp Wytgaard sels ûntstien as eigen gehucht doe't it foar de katoliken net mear te bankjen wie yn Wurdum dat protestantsk wurden wie.

Ik fiel de behoefte om hjir, as dûmny yn de Protestantske tsjerke yn Nederlân en as dûmny fan de Protestantske gemeente yn Wurdum (en omkriten), myn spyt út te sprekken oer it ferline. Wy binne hurdertich en ûnferdraachsum west! Ik sis dit net om skuldgefoelens op te roppen of om guon te beskuldigen, mar om it ûnder eagen te sjen. Sa is it no ien kear gien. En it wie net goed! Wy meie ús tekoart en ús spyt útsprekke hjiroer. Ik doch dat ek omdat dit net allinne yn Wurdum en Wytgaard sa wie. Yn de taryeding fan dizze tsjinst kamen de ferhalen út Hartwert ek oer de tafel. En dêr wie it krekt sa! Soks binne de ferhalen fan Protestant en Katolyk Fryslân út de 20ste ieu.

4.

Mar ik wol noch in stap fierder gean. Want fierder yn it ferline binne dingen bard, dêr is de ein hielendal fan wei. Ik ha it dan oer de tiid fan de Reformaasje en dêrnei. Sjoch, rûn 1600 krigen de Protestanten it hjir yn Fryslân foar it sizzen. De Katolike machthawwers wiene net maklik west. Sa binne de 'oerdopers' (wederdopers) swier ferfolge troch de autoriteiten. De oerdopers dy't harren ferskânze hiene yn it kleaster by Hartwert (kleaster Blomkamp) binne hast allegearre ombrocht. De mannen waarden dêr ophongen, de froulju ferdronken yn de Himpensermar, hjir flakby. Doe't de grifformearde protestanten (herfoarme en grifformearde wie doe noch itselde) de macht oernamen, doe waard it net in soad better. Der wie mar in hiel lyts bytsje tolerânsje. Joaden hiene it swier. Katoliken, Menisten, Remonstranten, sy moasten allegearre tige hoeden wêze. Allinne letter mochten sy tsjerkje yn skûltsjerken. Sy mochten

der al wêze mar net iepenlik. Pas nei 1814/15 kaam der frijheid fan godstsjinst. De katoliken mochten pas echt wer meidwaan nei 1850.

Bêste minsken, dat is noch mar in foech 150 jier ferlyn. Dat der koart ferlyn noch safolle strideraasje wie tusken de groepen yn Wytgaard en Wurdum hat syn skiednis dus wol hân. In lange skiednis. En dêrom wol ik as protestantsk dûmny myn spyt uterje dat it sa gien is. Dat der safolle striid en yntolerânsje west hat. Dat wy sa hurd west hawwe, en ús macht sa misbrûkt hawwe. Dat wy gjin each hiene foar it lichem fan Kristus. En dat wy mienden it allinne wol te witten. Dat wy de oaren net nedich hiene. Dat wie en dat is yn tsjinspraak mei de Hillige Skrift sa't wy dat hjoed heard hawwe.

5.

It is dêrom goed om werom te sjen nei it ferline. En dûbeld bliid te wêzen dat it hjoed de dei sa kin. Dat wy mei inoar it evangeelje libje en belibje kinne. Dat wy skuld bekenne doare oer it ferline. Mar ek, dat wy betinke hoe wichtich as it is om yn frijheid te libjen. Hoe wichtich it is om ús godstsjinst yn frijheid te belibjen. En dat nimmen it mear oandoart om oare minsken te misledigjen as 'geitenneukers', of slogans út te sprekken sa as ' Hamas, Hamas, Joden aan het gas', of moslims te beskriuwen as efterlike oanhingers fan in fassistyske godstsjinst, en gean sa mar fierder. Soks ha wy al tefolle dien yn ús ferline. Dat wolle wy net wer!

Dêrom, bêste minsken, binne wy tankber en bliid om hjir mei-inoar gear te kommen yn dizze prachtige tún fan Camstra State. Om mei-inoar it evangeelje te hearren. Om de wurden fan Paulus te hearren dat der yn it lichem fan Kristus in grut ferskaat bestiet. En dat alles wat lyts en kwetsber is net weidien wurdt mar ekstra eare kriget. Soks past by it evangeelje fan Kristus. Sa steane foar ús alle gearre dizze wurden sintraal:

Yn ien wurd, trije dingen bliuwe foar altiten:
leauwe, hope en leafde;
mar de grutste dêrfan is de leafde.

Amen.